

## It paed troch de snie.

Ik kuire troch de lânnen,  
Dy laeien ûnder 'e snie.  
't Wier rounom nou itselde:  
Men seach gjin ûnderskie.

Mar wâdzjend troch de dammen  
Bleau 'k by de hikpeal stean  
'k Seach efter my foetleasten,  
Dy 'k printe hie yn 't gean.

Ik tocht: "dit liket nuver:  
"t Wier oeral rjûcht en sljûcht,  
"Mar elk sjocht nou myn paedsje.  
"En 't giet hwat mei in bocht!"

Dit woe 'k do oars oanlizze:  
Rjûchtút fen daem ta daem!  
Mar 'k wier der (ho 'k probearre)  
Al wer hwat krûm lâns kaem.

Sa giet ús paed troch 't libben,  
Fen't iene yn 't oare jier.  
Wy litte 'n foetspoar efter,  
Faek sichtber wit ho fier.

't Scil oars, fen hik ta hikpeal ,  
't Bliuwt bochtsjen by de rûs! -  
*Mar lokkich as ús paedsje*  
*Dochs tichter bringt by Hûs!*

S.Huismans.

Eanjum, Nyjersdei 1912.

## It paed troch de snie

Ik kuire troch de lannen,  
Dy leinen ûnder 'e snie.  
't Wie rûnom no itselde:  
Men seach gjin ûnderskie.

Mar wâdzjend troch de dammen,  
Bleau 'k by de hikpeal stean,  
'k Seach efter my fuotleasten,  
Dy 'k printe hie yn 't gean.

Ik tocht:"Dit liket nuver:  
't wie oeral rjocht en sljocht,  
Mar elts sjocht no myn paedsje.  
En 't giet wat mei in bocht"

Dit woe 'k doe oars oanlizze:  
Rjochtút fan daam ta daam!  
Mar 'k wie der (hoe 'k probearre)  
Al wer wat krom lâns kaam.

Sa giet ús paed troch 't libben,  
Fan 't iene yn 't oare jier.  
Wy litte 'n fuetspoar efter,  
Faek sichtber wit hoe fier.

't Sil oars, fan hik, ta hikpeal,  
't Bliuwt bochtsjen by de rûs! -  
*Mar lokkich as ús paedsje*  
*Dochs tichter bringt by Hûs!*

## Het pad door de sneeuw

Ik wandel door de woorden  
Die lagen onder sneeuw  
Nu is zoveel anders  
Zo waar is het verschil

Wadend door de dammen  
Bij een hekpaal staan  
Slingerende stappen  
Recht achter hem aan

Wat stond hij daar verwonderd  
Met alles strak en glad  
Zag iedereen nu helder  
De bochten in zijn pad

Hoe recht hij wilde lopen  
Eén lijn van dam tot dam  
Tot elke poging faalde  
Die hij maar ondernam

Wegen van het leven  
Jaar najaar na jaar  
Bezaaien we met sporen  
Wie weet hoe ver zichtbaar

Het kan ook van hek tot hekpaal  
Wie weet welk pad je kruist  
*En gelukkig waarde Pake*  
*Als het pad u bracht naar Huis*

C.W.Hoogendoorn

Rotterdam, Nieuwjaarsdag 2012